

[0300] ONBIKENDE MIDFRYSKE SKRIUWERS (VIII)

18. *W. van Elselo*, de dichter fan de *Lock-Winsckinge Oon Dy Gelearde Heag Adelyke Heere Eduard Marius Van Burmania Hadvester Fen Frieslan, In Oon Dy Heag-Adelike Ijffer Fokeltie Van Harsholte Da Jæ Boaske Soenne* (Groningen 1726) (1726A), ha wy, hwat syn bertetiid en -plak oangiet, net thúsbringe kinnen. Oer syn lettere libbensgong ha wy lykwols wol ien en oar byinoarswylje kinnen, dat genôch fan bilang is om der in stikje oan to wijen, yn 'e hope, dat oaren faeks de kaei ta syn bernejierren leverje kinne.

It earste dat wy fan *W. van Elselo* fornimme, is syn ynskriuwing yn it matrikel fan de grinzer akadeemje op 29 aug. 1689. Dêr steane twa nammen ûnder elkoar: *Schotto Tamminga, Omlandus. Gratis in honorem nob. et ampl. parentis. Wijbrandt ab Elselo, Frisius. Et hic gratis, quia filii paedagogus.*

Beide studinten hoege neat foar har ynskriuwing to biteljen, Schotto Tamminga ta eare fan syn adelike heit (Onno Tamminga), en Van Elselo, omdat er húslearaer is fan Schotto Tamminga, de soan fan dy adelike heit. Yn it grinzer lidmateboek fine wy yn maart 1690 mei attestaesje: *Wibrandus ab Elselo Stud: van Winsum*. Wy sille hjir wol oan it grinslanner Winsum tinke moatte: Bellingeweer, de sit fan de Tamminga's, leit fuortby Winsum, en Onno Tamminga b.g., "Heer op Bellinghweer", stiet op 11 sept. 1668 as lidmaet yn it winsumer tsjerkeboek, alhoewol't Bellingeweer yn dy tiid net mear by de tsjerklike gemeente Winsum hearde. It tsjerkeboek fan Bellingeweer jowt uteraerd de measte bisonderheden oer de Tamminga's en guon fan har præceptoaren. Fan W. van Elselo fine wy lykwols yn net ien fan beide tsjerke-atmestraesjes in spoar. Ek yn it fryske Winsum wie ús sykjen forgees.

Op 15 febr. 1693 wurdt *W. ab Elselo frisius* ynskreaun yn it matrikel fan de frentsjerter akadeemje. Op 19 maart 1696 komt as lidmaet mei attestaesje yn Snits oer: *Lamke Elselo Jonged. op de Merkstraat van Winsum*. Wy sille straks sjen, dat dat nei alle gedachten in suster fan Wibrandus van Elselo is; en it leit dus wol hwat yn 'e reden om ek hjirre der yn earsten fan út to gean, dat wy to krijen ha mei it grinslanner Winsum. Mar ek fan Lamke Elselo is yn de tsjerkeboeken dêrre gjin spoar to bikennen (yn it fryske plak fan dy namme nammers ek net). Wibrandus Elselo sels liket net yn it snitser lidmateboek foar to kommen, wol forsiket er op 7 april 1696 de snitser klassis om dêr eksamen dwaen to meijen, "alsoo groote hoope hadde tot den leegerdienst" ¹⁾. Op 6 oktober fan datselde jier fornijt „Proponent Elselo" syn forsyk „om extraordinaer peremtoir geexamineert, en daer op met oplegginge der handen als Prædikant gemaect te worden: Ten eynde sijn E de Goddelijcke Dienst binnen Luyck onder de melitie in dit winter saijsoen mochte waarnemen" ¹⁾. It eksamen wurdt 13 oktober ôfnommen ¹⁾, en Elselo is dêrnei as *legerdoomny* nei *Luik* ta set.

Yn 1698 wurdt er doomny yn *Bellingweer-Ranum*. Hy wie dêr it jier tofoaren biroppen troch Jr. Schotto Tamminga, syn eardere learling. Sels seit er yn syn frijhwat wiidweidige ynlieding yn it tsjerkeboek fan Bellingeweer en Ranum op it jier 1698, dat er op it stuit fan it birop "bij vijf Regimenten jnfanterije in het leeger van onsen Staet, onder den Kooninck van Engelant William de Derde, oorloch voerende, met dat van den Koninck van Franckrijk, als Predikant den dienst des H : Evangeliums waernam". "Gelijk ik dan den al verwoestende Oorloch verlaetende, mij na huijs begaf; En heb in het volgende jaer (.Alsoo het genaden-jaer voor des ooverleedene weduwe moeste eerst laeten passeeren) 1698 den 13 Martii deese mijne beroepinge vertoont, aen het veel Eerwaerde Classis Marnensis; [...] En door dien ik al in den jaere 1695²⁾ binnen Sneek van de Eerwaerde Classis Sncana plenarie was geexamineert, ende selfs met oplegginge der handen in Classicale vergaderinge in den Heijl. dienst geinstalleert, (alsoo voor Predikant na Luijk ginck) soo wierde ik, autoritate Classis Marnensis, op den 15 Maij 1698 in den dienst des Heijligen Evangeliums alhier bevestight, door [...] Waerop ik voort dien selfden voor de middach mijn

1) Hannelingen fan de klassis Snits 1668-1696 (archyf klassis Snits).

2) Neffens de hannelingen fan de klassis Snits 1668-1696 wie dat eksamen op 13 oktober 1696; sjoch boppe.

Eerste predicatie en aanspraak deede tot mijn Gemeijnte, uijt 1 Thess. 2: v. 8 (om dat voor 5 jaeren hier hadde verkeert 3 jaeren langk)".

Yn de lidmatelist fan Bellingeweer fan 1698, Elselo syn earste dêr, lêze wy:

33. *Daer bij quam ik de Pastoor met mijn*

34. *Suster Lammichien met onse Attestatien van sneek*

Yn de list fan 1718, de lêste folsleine lidmatelist fan Van Elselo syn hân yn it tsjerkeboek, steane se wer, nou as nr. 2 en 3 efter de Collator Egbert Tamminga: 2.3. de Pastor Wijbrandus van Elselo, en syn suster Lammigjen Elselo ¹⁾.

It hat der in soad fan, dat ds. Wijbrandus van Elselo nea troude west hat; syn suster Lammigje, dy't wy yn 1696 al yn it snitser lidmateboek tsjinkamen, yn deselde snuorje dat Wijbrandus dêr syn eksamen foar de klassis oanfreget, sil by him ynwenne ha. Yn 1728 is er forstoarn. It fryske brulloftsfer dat ús fan him oerlevere is, hat er dus twa jier foar syn dea skreaun, doe't er al goed tritich jier doomny west hie, en noch langer bûten Fryslân forkeard hie.

Hokker forbiningen ha der west tusken Van Elselo en it troude pear dêr't syn fers oan rjochte is? Ien relaasje is yn alle gefallen dúdlik: de brêgeman *Eduard Marius van Burmania* wie de soan fan *Frans Eysinga van Burmania* en *Wilhelmina Onnoosd. van Tamminga*, en in omkesizzer fan syn eardere hearen *Schotto* resp. *Egbert Tamminga* ²⁾. Van Elselo fortelt ús yn it tsjerkeboek fan Bellingeweer, dat de brêgeman syn mem, "Mevrouwe Willemina Tamminga Weduwe Burmanja, Vrouw van Bellingweer etc. (na het ooverlijden van Onse Wel Gebooren Heer Egbert Tamminga op het Huijs tot Bellingweer sijnde koomen woenen, als eenigste Erfgenaem van Hares Edl. Broeders goederen). Gelijk meede Haer Edele Ouste dochter, Juffer Bouwina Burmanja", op it nachtmiel fan 21 maart 1723, op palmsnein, yn Bellingweer „tot Lidmaeten onse Gemeinte toegevoeght" waerden. Op 19 desimber fan itselde jier waerd allyksa syn oare suster „Juffer Geertruid Foek van Burmanja Juffer op Bellingweer" dêr as lidmaet oannommen. "Onse Vrou Collatrix" mei "haere Edele dochters", dy't gauris yn Grins tahâlde, wurde yn de jierren dêrnei hyltyd wer yn it tsjerkeboek neamd, en op 16 sept. 1727 hat Van Elselo yn Bellingweer it houlik bifêstige fan Schelto Reint Jargers, „Heer van Tackenborg etc." mei Geerdtruida Foek van Burmanja „dochter van het Hoog Adelijke Huijs van Bellingweer". Van Elselo hat dus as doomny tige nei forboun west oan Burmania syn neiste femylje fan memmekant, fan 1723 ôf foarmen Burmania syn mem as „Vrouw van Bellingweer" en "Collatrix", en syn beide susters as „Juffers van Bellingweer" it sintrale formidden yn de lytse gemeentekombinaasje Bellingweer-Ranum, dêr't Van Elselo ont syn dea yn 1728 as doomny stien hat.

De brêgeman sels, *Eduard Marius van Burmania*, is op 30 novimber 1700 doopt yn Ingelum en forstoarn op 19 july 1789; syn heit, Frans Eysinga van Burmania († 23 sept. 1717), troude twa kear, op 2 maeije 1697 mei Eduarda Maria Tjallinghsd. van Camstra en op 9 febr. 1700 mei Wilhelmina Onnoosd. van Tamminga. De breid, *Fokel Berber van Haersolte* (dy't yn 1739 forstoarn

1) Alle sitaten fan Elselo oer Bellingeweer binne út it tsjerkeboek fan Bellingeweer-Ranum 1668-1729 (R.A. Grins, Boargerlike Stân, nr. 32).

2) Stamboek van den Frieschen Adel, I, p. 62 en p. 164; Winsums Verleden, Groningen 1957, p. 156.

is), wie in dochter fan Arent van Haersolte tot Hoenlo en syn earste frou Rienckje Alegonda Tjallingh-Hommesd. van Camstra ¹⁾).

Eduard Marius van Burmania dy't yn 1717 houtfester fan Fryslân wie en fan 1737 ont 1762 riedshear yn it Hof, die in soad oan fryske skiednis ²⁾). Fan him binne forskate anonym forskynde histoaryske wurkjes biwarre bleaun, hânskriftlike oantekeningen op dat gebiet en latynske fersen op fryske eallju.

Tony Feitsma.

1) Stamboek van den Frieschen Adel, I, p. 60, 62, 83, 181.

2) Encyclopedie van Friesland.